

FRYSLAN-A EKSAMEN

24 septimber 2016

II Tiidwurden

(30 min.)

Op dit ûnderdiel kinne mei-inoar 70 punten helle wurde.

*A. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **notiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

1. (Meie) do wol soere yochert?
2. Us Jan (wêze) in sûne iter, dat (sizze) ik jimme.
3. Wy (hawwe) net bespuite griente yn 'e tún.
4. Hy (keapje) altyd sniene bôle.
5. Men (kinne) jin ek wolris fersinne.
6. It famke (laitsje) har slop.
7. Hy (ite) hjoed blomkoal mei gehak.
8. Wannear (sille) jo wer op hûs oan?
9. Wat (jaan) sy him op 'e jierdei?
10. Henk (prate) net mear mei de buorlju.
11. Alle freedts (gean) Eelke nei de merk.
12. Do (moatte) net altyd sa foeterje.
13. Ik (wurde) moarn 50 jier!

*B. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **doetiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

1. Hy (wolle) om 12 oere op hûs oan.
2. De fakânsje (begjinne) op 7 july.
3. Ik (litte) de bern mar wat gewurde.
4. Hy (dwaan) krekt as (kenne) er my net.
5. (Hawwe) do dyn nije skuon oan?
6. Klaske (gean) nei boppen ta om har hûswurk te meitsjen.
7. De wask (hingje) op 'e line.
8. (Hearre) jimme beppe alles wol?
9. Buorfrou (himmelje) de ruten.
10. Hy (smite) mar raar mei it ark om.
11. De bern (springe) allegearre oer de sleat.
12. Neffens my (swetse) hy mar wat.
13. Do (leauwe) har dochs wol.

C. Skriuw it **mulwurd** op fan de tiidwurden dy't tusken heakjes steane. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it mulwurd op. Mei-inoar 14 punten.

1. Hasto de koeke (bakke)?
2. De bern hawwe der wiken nei (útsjen).
3. Hy is siik nei hûs (gean).
4. Wy hawwe de wedstriid (ferlieze).
5. Hy wie dêr goed (helpe).
6. Wy hawwe har jild (jaan) foar in iisko.
7. Hat hy de doar al (meitsje)?
8. Sy hawwe it net (treffe) mei it waar.
9. Hy hat him nei hûs ta (triuwe).
10. Hat sy dat (knoopje)?
11. Sy hawwe moai wat hout (sammelje).
12. Hasto it iten (siede)?
13. Sy hawwe de redens (ûnderbine).
14. Hoefolle minsken binne dêr al net oer (stroffelje)?

D. Set de Nederlânske tiidwurdsfoarms dy't tusken heakjes steane yn de goede Fryske foarm en tiid. Foarbyld: Hy (hawwe; notiid) it net oan tiid: Hy hat it net oan tiid. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede Fryske foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 6 punten.

1. Hy (durven; doetiid) gjin fragen te stellen.
2. Ik (zijn; notiid) Femke.
3. Wy (willen; doetiid) hjir graach efkes sitte.
4. Do (wachten; doetiid) altyd op har.
5. Wy (zien; notiid) it net sitten.
6. Ik (zorgen; notiid) dat it klearkomt.

E. Meitsje de sinnen op in goede wize ôf. Dêrby moatte de tiidwurden dy't tusken heakjes steane, brûkt wurde. Set dy tiidwurden yn de troch jo ôfmakke sin yn de goede **foarm** en de goede **folchoarder**. Mei-inoar 12 punten.

1. Hasto dat famke wolris (hearre, sjonge)?
2. Ik fyn dat wy dêr mar moai (moatte, bliuwe, wenje).
3. My tinkt dat Henk ek wol (sille, wolle, fytse).
4. Do hiest it (kinne, witte).
5. It is moai dat it wurk hjoed (wurde, dwaan).

F. Set de neikommende sinnen, benammen wat de tiidwurden oanbelanget, sa goed mooglik oer. Mei-inoar 10 punten.

1. Wij komen hem helpen.
2. Ik vind dat ik hier niet moet blijven staan.
3. Hoe laat dacht u dat het afgelopen zou zijn?
4. Wij zullen dat eens gaan onderzoeken.
5. Wil jij haar hier laten zitten?